

Yn it spoar fan Hieke Hornstra....

Tachtich Wikelers op it toaniel

Dizze neisimmer is it sântich jier lyn dat op it lân tusken dokter Hattink en Bokke syn reedtsje – no it Lunenburgpaed – it iepenloftspul 'Op 'e tulle útbred' skreaun troch Popke Bosma opfierd waard. Ik tocht – ienris DTG'er altiten DTG'er- even tûk te wézen en gean nei Tresoar om de Balkster Couranten fan it ein fan de oarloch oant en mei begjin septimber 1945 even troch te neuzen. Dat 'even' liet ik al ridlik gau sjitte, want jo komme fan alles tsjin dat frekte nijskirrich is.

Oer de dekhynsten fan Kerst Koopmans – Godekind en Peter – oer Wiemer en Jantsje dy't oan it ein fan de oarloch trouw binne en oer it konsert dat it korps fan Sleat jûn hat op ús skoalplein foar de Yngelske befrijders op 2 maaie '45. Der waard wat ôfhosse mei de militairen 'sommigen waagden zich zelfs aan een dansje op de stenen vloer. Alle staanplaatsen waren bezet.'

Dûmny Hintsbergen preke sneins twa kear: om tsien oere en om healwei trijen. As it echt hiel nedich wie koenen jo wer elektrysk krije 'in zeer urgente gevallen'.

Op 5 maaie '45 fuotballen de Tommies tsjin in ploech út Sleat en wûnen mei 6-1.

Der wienen ek mominten fan djippe earnst. Sa waard op 9 maaie Jeen Hornstra, dy't by Dunegea 'meedogenloos was neergeschoten' op 'e nij begroeven. No yn Wikel. Hy ferstoar op 17 maart, mar waard earst op it hôf yn Sint Nyk bysetten. In Yngelske tamboer gie de lykwein foarôf, de Nederlandsche Binnenlandse Strijdkrachten foarmen in earehaach.

Noch in pear opfallende saken: yn Riis wie in optreden fan de Donabellis, in Hawaiiin ensemble, by de Sondeler Leien strutsen tolve earebarren del, Jouke Hottinga en Teake Hoekema slaggen foar mulo-B, mannen mei in wiskundeknobbel dus, en it tal adfertsinsjes fan evakuées út Amsterdam en Limboarch wurdt elts nûmer fan de Balkster grutter. Bygelyks: 'De familie van der Poorte bedankt de Wyckelers voor de goede behandeling met name J. Breimer en J.B. Visser.' Gasterlân hat sûnt 1939 Georg Wolfgang Carel Duco baron Thoe Schwarzenberg en Hohenlansberg as boargemaster – hy soe dat tritich jier bliuwe en wie yn myn beleving in noflik man – en ûnder syn

bewâld giet it op nei ein augustus, doe't wy noch keninginnedei fierden op de 31-ste.

Earst noch in follekeuring op de 29-ste en dan is it feest yn alle doarpen.

Wikel stekt er fier boppe út. De oare doarpen komme net fierder as volks-en kinderspelen, mei in optocht en koerbalserywedstriden yn Sleat, mar in iepenlofspul.....dat hat allinne Wikel.

Popke Bosma, dy't wenne op de pleats fan de Fabers njonken de dyk nei de Jerden, hie in fin mear as in bears. Hy wie boer, mar eins mear bestjoerder. Boppedat wie it Bosma-laach besmet mei it toanielfirus. Der moast wat op de planken komme, sa hat er tocht. En dat kaam der. Alle beroppen kamen oan bar en der waard songen dat it daverre. De ferskes wienen boud op bekende meldijen en der tuskentoch wie der romte foar de figuer Menno baron van Coehoorn. Hij praatte it spul oan elkoar. As de tûnkers oan bar binne wurde Oane en Dieter Hofman en Nolle Stegenga nei foaren helle, de haaijers komme yn Sleat oan mei de boat, de fiskers binne Gysbert Strampel en Jan Poepjes, Sake Bosma , de stukadoar fan de Balksterdyk komt der yn foar, mar ek Jehannes Wagenaar, de feekeapman, ('Lyts fan stik kocht mannich bolle') en fansels, it kin net misse Dikke Brugt ('in drege bast, weryn in tear gemoed'), Douwe Draaijer, Martien Swart, de bakkers Prins en Breimer, de molktapers Kobe en Durkje Roskam, Sjoerd en Hinkje van der Land, smid Kuperus en folle net genôch. It ein is in Fryske oerstelling fan 'Wij leven vrij, wij leven blij.' en fansels it Wilhelmus.

Tinkris ta: der ha tachtich (!) manlju en froulju oan meiwurke. Der is in bealch wurk fersetten mei beheine middelen om it publyksree te krijen. Der moast bijgelyks in bernewein makke wurde, sa grut dat Graddus Semplonius deryn lizze koe, want der moast fansels wol lake wurde.

Ik ha alris foarsteld om it nochris op te fieren, mar dat is der oant no ta net fan kommen. Ik wit wol, it is wat âldfrinsich, mar oan de oare kant eins te moai om wei. Yn 2020 is der wer in kâns, dan is it 75 jier lyn, èk in moai jiertal.

Willem Stegenga

